



SOERE MOLKE

(Zoete melk met brokken)

In tragikomeedzje

fan

JACQUES VRIENS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SOERE MOLKE – ZOETE MELK MET BROKKEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JACQUES VRIENS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2021 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

DE HEIT - sawat 80 jier

JET - jongste dochter, sawat 50 jier

SUZAN - âldste dochter, sawat 55 jier

VIKTOR - soan, sawat 58 jier

JOKE - frou fan Viktor, sawat 55 jier

ELLEN - dochter fan Viktor en Joke, sawat 28 jier

WOUTER - soan fan Suzan, sawat 21 jier

WYKFERPLEECHSTER - kin ek in man wêze

DEKOR:

It stik spilet lykwols yn dizze tiid, mar it dekor stelt in húskeamer foar mei de sfear fan de jierren fyftich foarige iuw. In bytsje fergiene gloarje. De minsken, fan wa't dizze keamer is, ha it wol goed dwaan kinnen, mar der is sûnt 1955 net folle oan de ynrjochting feroare. Yn alle gefallen in âlde radio mei pick-up. Fierder in bankstel, in piano, in kast mei wat boeken, in grutte tafel mei fiif stuollen en foaroan op it toaniel stiet, ûnder in skimerlampe, in rolstoel. Neist de rolstoel in taffeltsje mei in tabakspot en trije pipen. Op de grutte tafel stiet in blêd mei kopkes, molke, sûker en in termoskanne mei kofje. Neist de kast stiet in gongelstôk. Op de kast stean in pear túnkabouters yn ferskillende maten. Fierder binne der yn elk gefal twa doarren. Ien nei de sliepkeamer, de oare nei de gong, keuken en sa. Fierder twa iepenslaande doarren nei de tún.

EARSTE BEDRIUW

(middei, Jet sit yn de rolstoel. Sjongt sacht foar har út, beweecht mei de skonken de stoel in bytsje hinne en wer. Sjongt it berneferske: 'Schuitje varen, theetje drinken, varen we naar de Overtoom'. Sjongt flarden fan de tekst, núndert dan wer in eintsje.

Wouter leit heal-om-heal op de bank mei in koptelefoan op de holle. Lêst in boek, beweecht yntusken ritmysk op de muzyk. Suzan sit oan tafel. Riert ergere yn in kopke, leit leppeltsje del, sjocht nei Jet, riert dan wer. Giet oerein, rint troch de keamer, bliuwt even stean by de túndoarren, giet sitten, riert wer)

SUZAN: Jet! Hâld no es op fan sjongen.

JET: Atsto ophâldst fan rierden.

SUZAN: Ik mei doch wol rierde.

JET: Ik mei doch wol sjonge. *(Suzan wachtet even, wer oerein, rint om. Bliuwt stean foar doar fan sliepkeamer)* Dat mins hat wol lang wurk mei heit. *(rint wer)*

WOUTER: *(lûd)* Hè mem, gean no es sitten.

SUZAN: Do hoechst net sa te razen tsjin jim mem.

WOUTER: *(koptelefoan ôf)* Ik sei: *(oerdreaun sacht)* gean no es sitten.

SUZAN: Ik ha niis al twa en in heal oere sitte moatten yn dy rot-trein. Ik bin kapot. By de NS hâlde se absolút gjin rekken mei rêchklachten. Dat neame se dan de intercity.

WOUTER: Dat hyt ek gjin intercity, mem.

SUZAN: Hoe hyt it dan?

WOUTER: De hernia-ekspres.

SUZAN: Doch mar wer leuk, do, mar je kinne yn dy treinen fan tsjintwurdich net iens mear fatsoenlik sitte. En dan binne it ek noch fan dy fize plakstuollen. Mei fan dat keunstlear of sa. Dêr'tst oan fêstplakst. En atst oerein giest dan hearst sa'n ûnsmaaklik lûd. Sa fan: pffggoeoeoeh.

WOUTER: Mem, do hast yn de trein amper sitten. Do hast wol tsien kear oerein west en dan wie it tsien kear fan pffggoeoeoeh. En de minsken mar sjen en tinke: dat is ek in ûnrêstich type.

SUZAN: Dy minsken seagen net nei my, dy seagen nei dy. Ik begryp net wêrom'tsto der op dyn ien en tweintichste noch altyd by rinst as in puber. It stiet sa earmoedich.

WOUTER: Ik bin ek mar in earne studint, mem.

SUZAN: No ik ken genôch studinten dy't gewoan in kreas blûske oan ha en normale skuon en net fan dy doaskes.

WOUTER: (*stekt skoech omheech*) Dat binne kistjes, mem, kistjes.

SUZAN: En seker net sa'n broek mei allegear gatten en raffels. Dat dy professors dy noch talitte op de universiteit. At ik professor wie, dan sei ik: do meist deryn, mar dan dochst dy broek út.

WOUTER: Der binne professors dy't der sels sa by rinne.

SUZAN: Dêr leau ik neat fan. Op de telefyzje ha se altyd sa'n swarte jurk oan en sa'n... deksel op de holle.

WOUTER: Dat is telefyzje, mem, dat is net echt.

SUZAN: Lêsten noch yn The Bold en The Beautiful, doe hie dat mins, kom hoe hyt se ek al wer, eh... no ja, se hie yn elk gefal in ferhâlding mei in professor. Och, hoe hyt dat mins no?

WOUTER: Truus.

SUZAN: Nee! Hè, meitsje my no net yn de war.

WOUTER: Eukalypta.

SUZAN: Doch no net sa ferfelend. Do witst bêst wa't ik bedoel. Mar dy professor hie yn elk gefal wol sa'n jurk oan en in deksel op.

WOUTER: O ja, no wit ik it wer. En doe't se op bêd gongen die er alles út, behalve it deksel.

SUZAN: Oan dy ha ik ek neat. (*rint troch keamer, komt by rolstoel út*) Wêrom giesto doch altyd yn de rolstoel fan heit sitten?

JET: Dat fyn ik fijn.

SUZAN: Fijn neamt se dat.

JET: Froeger, at ik nei skoalle rûn, seach ik yn it park by de fiver, altyd in âlde man yn in rolstoel. Hy wie meastal mei syn frou en se seagen nei de swannen en de wetterleeljes. En at de sinne te fier draaide, ried de frou de stoel in eintsje fierder. Dy man wie

de hiele dei op reis mei de sinne. En ik tocht: ik wol letter ek in rolstoel at ik âld bin.

WOUTER: En tochten jo doe ek: ik wol letter ek in gebit, in keunstheup, in ruft foar at ik ynkontinint wurd en in stok en in...

SUZAN: Hè Wouter, doch net sa raar tsjin dyn muoike.

WOUTER: Ik pleagje har allinne mar wat.

JET: (*glimket*) Dat diest froeger ek altyd. Witst noch, datst hjir wol es útfanhûs wiest en ûndogens.

WOUTER: (*nei har ta*) Ja, dan sette ik in bekerke wetter rjochtop yn jo bêd en at jo dan tusken de lekkens skoden...

SUZAN: Hasto dat dien?

JET: Ik fûn it wol grappich.

SUZAN: Grappich, sa'n wiet plak yn it bêd? Do bist net goed wiis.

JET: Mar Wouter help my altyd yn de tún. Dat koe er hiel goed. Ik ha 'm sels noch leard hoe't er de roazestrûken snoeie moast.

WOUTER: En at we klear wiene, namen jo my mei nei de geheime hut achter de roazestrûken. (*beweecht rolstoel hinne en wer*)

SUZAN: De geheime hut?

JET: Ja, witst dat net mear, Suus. Doe't we noch lyts wiene, hiene we in plakje dêr't net ien ús fine koe. Sels mem net. Och, dat witst doch noch wol. Achter de roazestrûken. Dêr fertelden wy elkoar doch altyd ús geheimen.

SUZAN: Myn god, Jet, dat is hûndert jier lyn.

WOUTER: En wat fertelden jim elkoar dan?

JET: (*gichelt*) Dat soest wol witte wolle?

WOUTER: Muoike Jet, sil ik jo even rûnride? (*triuwt stadich*) Wêr sille we hinne?

JET: Net dwaan, mâle jonge. (*gichelt*)

WOUTER: At jo my de geheimen fertelle.

JET: Nee, net dwaan.

WOUTER: Sis mar wêr't je hinne wolle. Earst in rûntsje troch it park en dan nei de grutte kast of nei de piano? Wat wolle jo?

JET: Ik sis it doch lekker net.

WOUTER: Dêr gean we, fasten your seatbelts. (*triuwt hurder, makket mei in aardich gonkje in rûntsje om de tafel*)

JET: (*laket en gjalpt*) Net dwaan! Sjoch út! Hâld op, gekke jonge! Nee! Net dwaan! Sjoch út! Ho!

WOUTER: (*ropt*) Sis op, muoike. Wat frieten jim dêr út, dêr achter de roazestrûken?

SUZAN: (*grypt rolstoel beet, ropt lilck*) Ophâlde, sis ik! Binne jim hielendal gek wurden. Hjirneist leit in deasike man en jim gedrage jim as in stel bern. (*Jet stapt út rolstoel, set 'm wer op syn fêste plak*)

WOUTER: Dat binne we ek, no muoike?

SUZAN: As soe it leuk wêze om de rest fan je leven yn in rolstoel te sitten. At ik sa'n ding sjoch krij 'k it al op de senuwen. (*tsjin Jet*) En dan sitsto hjir in bytsje te ferkundigjen dat it sa fijn is om der yn te sitten.

WOUTER: At sy dat no leuk fynt. (*tsjin Jet*) Ik beloof jo, at jo letter yn sa'n ding moatte, race ik jo de hiele dei troch it park.

JET: (*laket*) Wat bist doch in skat.

SUZAN: Ja, jim ha de gek mei in oar syn gebrek. Jim heit hie ek altyd fan dy mislike grappen.

WOUTER: Sille we heit der hjoed bûten litte, mem.

SUZAN: Ik wit it noch sa goed, wat Peter sei oer in rolstoel. It wie mei de begraffenis fan beppe. Hy hie doe krekt dy ferhâlding mei dat lytse dikke mins mei dy pûst.

WOUTER: Nee mem, dy kaam wat letter. Hy hie earst dy mei dy flapearen.

SUZAN: Bist der wis fan? Wa hie Peter dan by 'm mei de begraffenis fan beppe? Ik skamme my dea. Hy gong ek noch foaroan sitten mei dat mins. Pontifikaal op de earste rige, witst noch, Jet?

WOUTER: Dat wie dy mei dy flapearen. Bin ik wis fan. Do sietst der flak achter en seist datst neat seachst fanwege dy earen.

SUZAN: Nei ôfrin, ûnder de kofje, ha ik dy lamstraal es goed de wierheid sein. Dat er absolút gjin gefoel hie foar ferhâldingen...

WOUTER: No...

SUZAN: ...om dy trut mei te nimmen nei beppe 's begraffenis. En doe sei er dat fan dy rolstoel.

JET: Wat sei er dan?

SUZAN: Dat sis ik net dêr't dy jonge by is. Ik wol 'm net opstokelje tsjin syn heit.

JET: Sis it no mar.

WOUTER: O mar mem, do stokelst my hielendal net op tsjin dy lamstraal.

SUZAN: No, at jim dan sa graach wolle. Hy sei: 'wachtsje mar oantst letter âld en swak bist en yn in rolstoel sitst. Riid ik dy sa it kanaal yn'.

WOUTER: (*laket*) Sei er dat?

SUZAN: Dêr is gjin wurd by dat net wier is. Dat hat dy lamstraal letterlik sein.

WOUTER: En hy krige sels allegear âlderdomsferskynsels.

SUZAN: Hoe kinst dat no sizze? It is noch altyd in hiel fitale man.

WOUTER: Mar hy hong wol fan pillen en poeiers oan elkoar. At jim op fakânsje gongen, naam er altyd in grutte tromp medisinen mei. Wat foar dy it make-up-taske wie, wie foar him dy tromp.

SUZAN: No dat foel genôch ta.

WOUTER: Hy hie in tromp mei aspiryntsjes, rennys, pillen om te pisjen en te poepen om de ynwindige mins te fersterkjen en do hiest dyn make-up-taske om de útwindige mins op te laapjen.

SUZAN: (*tsjin Jet*) Hearst dat? Dat is no myn soan. Witst noch hoe bliid at ik wie, doe't er geboaren waard. Peter en ik hiene it al opjûn. En doe ynienen, doe't gjinien noch tocht dat it koe, rekke ik yn ferwachting. Wat ha ik gûld fan gelok, doe't er geboaren waard. En jim heit ek. En no dochst sa raar tsjin my. (*snokkert*)

WOUTER: Och memke, kom hjir es. (*leit earm om har hinne*)

SUZAN: Mar do seist fan dy rare dingen oer oplaapjen en sa.

WOUTER: Spiegeltje, spiegeltje aan de wand. Wie is de mooiste van het land? Us mem, want dy hat gjin pûsten en gjin flapearen.

SUZAN: Mienst dat?

WOUTER: Fansels. Do bist de moaiste en de leafste en de lestigste mem fan de hiele wrâld. Do bemuoist dy oeral mei, do foeterst, bist eigenwiis, mar ik doch dy net fuort, want ik bin grutsk op dy. (*jout har tút*)

SUZAN: Dat mei ek bêst. Sûnt dat jim heit fuort is, ha ik hiel hurd wurkje moatten sadatsto de middelbere skoalle ôfmeitsje koest.

WOUTER: Dat wit ik doch, mem (*wurch, hy ken dit ferhaal troch en troch*) en do moastest elk dûbeltsje omkeare, want do wegerest alimintaasje fan heit oan te nimmen omdatst gjin sin hiest...

SUZAN: ...om tanke wol te sizzen en asjebleaf te spyljen.

WOUTER: Presys, do seidest: 'hâld do dy sinten mar'.

JET: En Peter fûn dat goed?

WOUTER: No en of. Heit koe de sinten trouwens sels goed brûke, want syn freondinne moast it sikehûs yn foar in flapear-korreksje.

SUZAN: (*emosjoneel*) Hy hat dat mins mei juwielen behongen en Wouter en ik hiene amper genôch om rûn te kommen.

WOUTER: It wie by ús alle dagen gehak-dei.

SUZAN: Mar ik hoegde teminsten net de hân op te hâlden by dy keardel.

JET: En dêr meist grutsk op wêze, Suus.

SUZAN: Dat wol, mar it bliuwt krom dat je dêr grutsk op wêze moatte as mem: alle dagen gehakballen!

WOUTER: Mar se wiene hearlik, mem.

SUZAN: Mienst dat?

WOUTER: Fansels, kom hjir (*wer tút*) lestige leave mem fan my. Do hast it hartstikke goed dien. (*suster op mei map en tas*)

SUSTER: Jim heit sliept wer. Ik ha 'm noch in ynjeksje jûn. Ik folje de staat noch even yn en dan moat ik nei in pear oare pasjinten. Jûn kom ik noch even del. (*giet oan tafel sitten*)

JET: (*oerein*) Wolle jo kofje?

SUSTER: Graach, mar bliuwe jo sitten. Ik pak sels wol. (*skinkt harsels yn*)

JET: Hat heit noch wat sein?

SUSTER: Nee. Hy is daliks wer yn sliep fallen.

JET: (*tsjin Suzan en Wouter*) Hy komt al in pear wike net mear fan 't bêd en seit ek hast neat mear. Leit dêr mar en sjocht je oan. Of eins net iens. Hy sjocht wol, mar it liket krekt as is hy ergens oars.

SUZAN: Hè Jet, doch net sa dramatysk. Dy man is ien en tachtich. Dy is gewoan op.

JET: Mar dat er hast neat mear seit.

SUZAN: Dat hoecht ek net. Dy man hat al mear as genôch sein.

WOUTER: Mem, do hast it wol oer myn pake.

SUZAN: Do witst likegoed as ik, dat er altyd it heechste wurd hie. Hjir siet er dan, yn dizze stoel. En wy mar braaf harkje. Mem, muoike Jet, omke Viktor en ik. Dat hy syn bern net op de wrâld set hie om te neatnutten. We moasten studearje, oanpakke, wat wurde yn de maatskippij. Krektlyk as hy. Hy hie teminsten wat berikt mei syn fabryk.

WOUTER: Ik fûn it earlik sein wol grappich. (*docht pake mei bravoer nei*) 'Witte jim wol dat ik ien fan de grutste produsinten bin fan túnkabouters, op it fêstelân fan Europa. Mar dat is noch net genôch, want ik meitsje túnkabouters fan earste kwaliteit. Gjin tredde, gjin twadde, mar **earste** kwaliteit. Dêrom sil ik de wrâld feroverje. Oeral, yn Japan, yn Noard- en Súd-Amearika sille myn túnkabouters de tunen opfleurje'. Doe't er dat sei krige ik de sloppe laits. En in klap foar de kop fan pake. (*laket wer*)

JET: Dy pake fan dy wie net maklik mar hat wol syn hiele leven keihurd wurke, Wouter. Dêr ha we allegear profyt fan hân. (*suster oerein*)

SUSTER: Sa, tank foar de kofje. Jim sjogge my jûn wer.

SUZAN: Hoege wy net by 'm te wekjen suster?

SUSTER: Nee, dat hoecht net. It giet wer in stik better. Oant jûn.

JET: Ik rin even mei, suster. (*Jet, suster ôf. Suzan sakket moedeleas op de bank*)

SUZAN: Hjir wurd ik no hartstikke gek fan, witst dat?

WOUTER: Hoe bedoelst, mem.

SUZAN: Ja... no... witste... dit is no al de tredde kear dizze moanne dat Jet my bellet en seit: Suus, do moatst komme, it giet net goed mei heit. Ik wit wol dat ik it net sizze mei, mar dan moat ik wer yn dy trein mei dy fize plakbanken en dan kom ik hjir en dan knapt er wer op. De oare kear siet er gewoan wer yn de rolstoel mei dat ivige berneboek op 'e knibbels. En Jet mar folhâlde dat er net demint wurdt. Sa'n âld man en dan de hiele dei berneboeken lêze! Mei dy fize piip yn de mûle. Hy mei net iens roke fan dokter.

WOUTER: Ja mar mem, dizze kear sei muoike Jet dat it echt min mei pake gong. Trouwens, dy pleechsuster-bloedwyn sei it ek.

SUZAN: Wa?

WOUTER: No, dy... lit mar.

SUZAN: Ja en no binne we hjir en no... no...

WOUTER: No giet er **wer** net dea.

SUZAN: Nee, dat bedoel ik net.

WOUTER: Dat bedoelst wol, mem.

SUZAN: Nee, ik bedoel dat ik hjir dan hinne gean, my der op ynstel dat ik ôfskie nimme moat en dan kom ik hjir en dan... dan...

WOUTER: ...seit pake: mis poes!

SUZAN: Doch no net sa aaklik.

WOUTER: Do komst doch net allinne foar pake. Do komst ek foar muoike Jet. It is goed dat se der no net allinne foar stiet. Sûnt beppe dea is, hat sy foar him soarge.

SUZAN: Dat koe se ek. Se hie gjin man en bern.

WOUTER: Wêrom is se eins noait troud?

SUZAN: Dat wit ik net. Se hat froeger wol ferkearing hân, mar it waard noait wat. En har grutte leafde... no nee, dêr wol ik net mei dy oer prate.

WOUTER: Kom mem, ik bin gjin bern mear.

SUZAN: Se waard fereale op in troud man. Stapelgek wiene se op elkoar, mar doe't pake der achter kaam, hat er har alle hoeken fan de keamer sjen litten. Doe hat se it útmakke. Dêrnei hat se noait wer wat mei in man ha wollen. Se hat wol in pear goede freondinnen. Ik ha wol es tocht, dat se wat mei froulju hie. Ik bedoel dat se sa'n dingies wie, sa'n... no ja, do witst wol...

WOUTER: Lesbienne. Tinkst dat echt? Muoike Jet in pot?

SUZAN: Hoesa in pot? Watfoar pot?

WOUTER: Sa neame se sokken ek wol, mem.

SUZAN: Getfer, wat in aaklik wurd. Ik wol it der fierder net oer ha. Ik wit dêr neat fan, fan dy dingen.

WOUTER: Mem, it wurdt sa stadichoan tiid dat ik dy wat foarljochting jou.

SUZAN: Hâld der no mar oer op.

WOUTER: Do hast der nooit maklik oer prate kinnen. At ik dy frege hoe't soks siet, dan seidest: 'freegje jim heit mar'. Dy draaide der ek omhinne. Dat wie mear in man fan de praktyk. (*Jet op*)

JET: Suus, ik moat dy wat bekenne. (*senuwachtich nei rolstoel, giet sitten, nimt lang tiid*)


SUZAN: Wat is der, Jet?

JET: Ik... ik... ik...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto